

Grou betinkt ‘Dokterom’ Eeltsje Halbertsma

GROU - ‘Ferjit my net’: sa hjit it betinkingsprogramma om dr. Eeltsje Halbertsma hinne, dat sneintemiddei plakfyt in de Sint Piter-tsjerke yn Grou. Boppedat is der oant en mei 18 oktober noch in eksposysje oer dizze man yn it museum De Trije Gritenijen yn Grou. Nije wike woansdei is it krekt 200 jier lyn dat de bekende folksskriuwer en dichter fan it Frysk folksliet Eeltsje Halbertsma yn Grou berne waard.

Sneintemiddei om fjouwer oere begjint in de Grouster tsjerke in ôfwikseljend programma. In reporter, spile troch de taalkundige Karel Gildemacher, fiert petearen mei tiidgenoaten fan Eeltsje. Dizze ynterviewkes wurde ôfwiksele mei optredens fan it Mingd Koar Grou, dat sankjes fan Halbertsma hearre lit.

Der wurde fierders anekdoates oer Eeltsje ferteld en it Grouster kritetoaniel fiert in sketch op oer de skearwinkel fan Joute-baas. Hidde Halbertsma, foarsitter fan de Halbertsmastifting, komt ek noch oan it wurd.

Foarôfgeand oan de programma fan snein is der op sneon in Halbertsmakuer troch Grou. Woansdei 8 oktober, de eigentlike betinkingsdei, fertelt Mindert Wijnstra yn it museum ferhalen oan de bern út de heechste klassen fan it basisûnderwiis.

Eeltsje Halbertsma waard op 8 oktober 1797 berne yn Grou, yn de húshâlding fan Hidde en Ruerdtsje Halbertsma. Der wienen doe al trije jonges: Justus (1789), Tsjalling (1792) en Binnert (1795).

Fan 1810 oant 1814 gyng er nei de Latynske skoalle yn Ljouwert, it lettere gymnasium. As oankommende studint wie er in fleurige baas, ‘grif net frij fan wyn en Tryn’, sa skreau G. Dykstra yn syn yn 1946 ferskynde dissertaasje oer Halbertsma. Hy studearre earst theology, noch by in learaar yn Ljouwert, en dêrnei medisinen yn Leiden. Dêr bleau hy oant 1818 en ferfear dêrnei nei Heidelberch om dêr noch in lyts jier fierder te studearjen. Ein 1818 promovearre er op in proefskrift oer lichemsgewicht en temperamint.

Hy waard dokter yn Poarmerein, yn ferliking mei Heidelberch in ferfeelsum, deadske en propzayske stêdsje. Hy waard dan ek mei gauwens ûnwennich, en nei oardel jier gyng er werom nei Grou. Hoewol’t it earst net syn doel wie om dêr te bliuwen, festige er him dêr as dokter. Hy hat dêr in pear kear hiel belangryk wurk dien. Yn 1826, nei de grutte oerstreaming fan in jier dêrfoar, makke in tyfus epidemy in soad slachtoffers. Yn 1833 teistere de golera it lân.

Hoewol’t pas yn 1840 ûntdutsen waard

dat de fetberens foar dizze sykte ek te krijen hie mei de hygiêne, liet dokter Eeltsje doe al it bêdeguod fan ferstoarne pasjinten ferbarne. Hy liet in hospitaal yn rjochtsje yn de menniste tsjerke yn Grou. It jier dêrop rjochte er it Doktersgild op, in soarte fan sikefûns fan de earmen. Dit gild is yn 1941 opheven doe’t it Sikefûnsbeslút fan krêft waard. De populêre Grouster dokter krige troch syn ynset de earenamme ‘Dokterom’.

Yn 1823 wie er troude mei Baukje Livius Fockens, dochter fan de boargemaster fan Boalsert. Baukje wie geastlik net sa sterk en it waard dan ek gjin lokkich houlik. Der kamen fjouwer bern: Lieuwe (1824-1854), Ruerdsje (1826-1851), Hidde (1830-1869) en Anna (1832-1851). Ut dy simpele jiertallen docht bliken, dat Eeltsje Halbertsma in tragedzje belibbe. Al syn bern ferstoarnen jong; hy oerlibbe trije fan har.

Syn soan Hidde folge him yn 1853 op as dokter yn Grou. De lêste jierren fan syn libben hat er noch reizen makke nei Hollân en Emden, dêr’t er him fernuveret oer it Fryske karakter fan de stêd en de omkriten. Yn 1857 hat er him yn Ljouwert festige, oan it Fliet. Eeltsje Halbertsma is op 22 maart 1858 yn Grou, yn it hûs fan syn soan Hidde, rêst.



It tafrieltsje yn it Grouster museum dat it ferstjerren fan de njoggentjinjierrige Anna Halbertsma yn it ûnhâld weromroot.

Foto LC/Paul Janssen